[0080] FAN IN SPINSTIENTSJE.

Yn ien fan ‘e glêskasten fan it Frysk Museum to Ljouwert kin de bisiker in stikmennich spinkloskes sjen, dy’t sa foar en nei út ús terpen foar it ljocht kommen binne. Foarsafier ‘t der in ynskripsje op oanbrocht is, hawwe net allinne âldheitkundigen, mar fansels ek taellju niget oan dy kloskes. Dat sadwaende binne guon fan dizze skyfkes al mear as ienris biskreaun. Op ien dêrfan, út ‘e kleasterterp Foswert, stiet neffens Boelens[1]) mei Latynske haedletters in namme, dy’t er as **THIAIRE** lêst. De foarm en de bitsjutting fan dit wurd lit de skriuwer him net oer út. In jier letter, yn 1952, brocht Sipma yn syn Fryske Nammekunde I, s.39 dit spinstientsje jitris op ‘t aljemint. Dizze ûndersiker is al sa hoeden as syn foarganger, hwant hy seit, dat de letters wol in namme 1 y k j e to wêzen. Lykas bliken dwaen kin oan hwat er dêr oan taheakket, hie Sipma it nuodlike fan dy útspraek wol foar ‘t forstân “De lûding hat noch al biswier yn”, sa ornearret er mei rjocht en reden, mei’t de forbinning **iai** sûnder wjergea is.

Doe’t ik it spinkloske forline jier troch de freonlikens fan ‘e museumbistjûrders ris bisjen mocht, waerd it my dúdlik, dat it opskrift oan distiid ta net goed werjown is. De niisneamde learden hawwe oer de holle sjoen, dat der boppe de **Ā** in ôfkoartingsstreek stiet. Dit nasaelstreekje hat de foarm lyk as dy by kaptaelske letters wol faker foarkomt. De ynskripsje moat dêrom nei myn bitinken net as **T H I A I R E** ûntsifere wurde, mar as **T H I Ā I R E - T H I A N I R E**. De lêste wurdfoarm jowt de útlizzer hielendal gjin swierrichheden, omreden wy dit wurd sûnder mis yn ‘t lyk stelle meije mei de âldfryske haednamme **thiânere** “tsjinner”, in ôflieding fan it tiidwurd **thiânia** “tsjinje”.

Hwat de stavering fan it ynskrift oanbilanget, kin der alderearst opmurken wurde, dat by de nomina agentis op **-ere** út Latyn **-arius**) de njonkenfoarm op -**ire** bikendernôch is. De -**i**- is hjir inkeld en allinne in oare skriuwwize foar de swakbiklamme -**e**- fan ‘e útgong. Foar it Aldeastfrysk jowt van Helten[2)] as foarbylden: **wonire** (R_1) “ynwenner, feint, tsjinner”, **clagire** (R_2) “oankleijer”, **mordir** (F) “moardner”, **râwir** (F) “rôver“.

Fierders falt it ús op, dat de âldfryske **th** oan it bigjin fan it wurd en it twalûd **iâ** yn‘e midden hjir noch ûnforoare foarkomme,wylst dêrfoaroer alle oare fynplakken fan “tsjinner“ yn ’t Aldfrysk – alteast foarsafier‘t wy soks op ’t heden mei help fan it Grinzer wurdboekarchyf

1) P.C.J.A. Boeles, Friesland tot de elfde eeuw, ‘s-Gravenhage 1951, s. 466, 467.
2) W.L. van Helten, Altostfriesische Grammatik, Leeuwarden 1890 § 77.

neigean kinne - op in lettere ûntjowing wize. Ut Sipma' s oarkondeboeken hawwe wy de neikommende fjouwer plakken ta ús foldwaen: **thienners** II, 212.21 (út 1573), **tieneren** I, 454.26 (út 1501; III, 32.395 (út 1502), **tyeneren** I, 395.3 (út 1492). De Jurisprudentia Frisica, dl, II, s.22, biskikt ús bûtendat noch de ek by v. Richthofen yn syn Wb.[3]) oanhelle foarm **tÿener**, wylst Mr. M. Oosterhout út 'e Snitser Recesboeken einlings en to'n lêsten jit de fariant **tijener** opdjippe: Sixtus exzijsmaester toe waerkum hans balgers **tijener** Js van Reyner Jelyssin ende howck syn moer toe pand van exzijs als fyff banckwirx kessenen trya tinnen platelen ende een graet becken van xviij pond [Recesboek 3601 fan 7 febr. 1509].

It foarôfgeande docht dus bliken oan, dat de suverste foarm fan in âldfrysk wurd diskear net yn'e rjochtsteksten en oarkonden, mar op in sljocht spinkloske biwarre bleaun is. Sa draecht dizze terpfynst in "stientsje" by ta de oerlevere wurdfoarrie fan ús foarteam.

W.J. Buma.

3). K. v. Richthofen, Altfriesisches Wörterbuch. Göttingen 1840, s. 1071.